

**Preek oer HK snein 44** (Den Ham, 27-11-16; Zwartsluis, 24-9-17; Fryske Peallen, 23-12-18)

LB 487:1

Fotum en groetnis

LB 442

Gebed

L Ps.119:49-56

LLL 128

T HC zondag 44

Preek

Ps.119:13,14

Apostoalyske belidenis fan it leauwe

LB 433:5

Tanksizzing en foarbea

Kollekte

LLL 72

Segen

Gemeente fan de Heare Jezus,

De komponist Felix Mendelssohn is de útfiner fan in nij sjenre yn 'e muzyk: it liet sûnder wurden. It binne stikjes foar de piano dy't klinke moatte as wurden se net spile, mar songen. Der moat in liet út opklinke.

Yn it stikje út Psalm 119 dat we krekt lêzen ha, stienen de wurden: "Jo foarskriften wienen foar my as psalmen yn it hûs dêr't ik frjemdling wie". Dat liket faaks wat nuver. Gods foarskriften binne ommers gjin psalmboek, mar in wetboek. En dochs seit de dichter fan Psalm 119 dat út al dy wetten in liet opklinkt dat him omspilet as er him iensum fielt. Hoe komt de man dêr no by?

Je soenen sizze kinne dat dy rigele út rymtwang ûntstien is. Want alle twaëntwintich kûpletten fan Psalm 119 begjinne mei ien fan de twaëntwintich letters fan it Hebriuwsk alfabet. Yn it earste kûplet begjinne alle rigels mei de earste letter, yn it twadde kûplet mei de twadde letter, ensafuorthinne. Wy hawwe it sânde kûplet lêzen. Deryn begjinne de alle rigels mei de sânde letter fan it Hebriuwsk alfabet. Dan meitsje je it jinsels wol swier. Tink dy ris yn datst in kûplet skriuwe wolst dêr't alle rigels fan begjinne mei de letter x. Yn it Frysk begjinne der hielendal gjin wurden mei dy letter. Ek it wurd ksylofoan begjint yn it Frysk mei in k. Mar soe dat ek meie, dan wie de kâns grut datst dan in rigele krigest dêr't yn stie dat Gods wurd klinkt as in ksylofoan.

Dochs soe dy rigele eksakt útdrukke wat de dichter fan Psalm 119 bedoelt. Besykje dy ris foar te stellen datst in stik orkestmuzyk hearst dat begjint mei in donker, driigjend lûd en ynienen rattlelet der yn ksylofoan trochhinne. Soks bart yn de seisde symfony fan de Hollânske komponist Matthijs Vermeulen. It is krekt of der in stjerre pinkjen giet by neare nacht. Betsjoenend is dat. Yn 'e Fryske beriming fan Psalm

119 stiet it sa: “Jo wetten klinke\_as lieten yn myn ear en sill’ my wêr’t ik swalkje net ferlitte”. Kinst dy der wat by yntinke?

Je hoege net yn ballingskip fierd te wêze om jinsels in frjemdling te fielen. Thús is gjin thús mear, sûnt de man of de frou dêr’tst fan holdest wei is. Mar it kin ek wêze datst dy in frjemdling fielist tusken dyn eigen minsken. Se begripe dy net. Of do kinst dyn draai in it libben net fine, omdatst neat om hannen hast dêr’tst dysels yn kwynt kinst. Miskien fielist dy ek wolris in frjemdling by God. As Hy dyn Heit is, wêr fernimst dan oan dat Er foar dy soarget? En dochts: As dy in wurd fan God yn ’t sin komt, is it as giet der in liet yn dyn hert sjongen. Dat is yn alle gefallen de ûnderfining fan de dichter fan Psalm 119.

Wêrom dy ynfalshoeke foar in preek oer Snein 44 fan de Kategismus? Dat hat te krijen mei fraach en antwurd 114. Dêryn wurdt de fraach steld: “Kinne hja, dy't ta God bekeard binne, dy geboaden folslein hâlde?” It antwurd is: “Nee. (En dochts begjinne) se mei in ernstich foarnimmen net allinne neffens guon, mar neffens alle geboaden fan God te libjen”. Ik wit wol dat ik dan in rigele oerslach. Mar dat doch ik, omdat inkeld dy rigele in soad minsken noch heucht: “Sels de alderhillichsten hawwe yn dit libben mar in lyts begjin fan dizze hearrichheid”. Dy rigele is by har hingjen bleaun as sei de Kategismus: “Libje neffens Gods geboaden, dêr komt gjin sprút fan telâne. It is neat mei ús en it wurdt ek neat mei ús”. Mar dat seit de Kategismus hielendal net. Ja, fan minsken dy’t net ta God bekeard binne.

Mar it sil dochts net wier wêze dat hjir net ien ta God bekeard is? Ast net ta God bekeard bist, dan hâldsto dy allinnich oan Gods geboaden om’t it no ienkear sa heart. Do witst wol datst it ivige libben der net mei fertsjinje kinst, mar ja, it soe ek wol wat ûnfatsoenlik wêze en lûk dy gjin barst oan fan wat God wol goed fynt en wat net. Mar de tsien geboaden wurde yn de Kategismus net behannele yn it ramt fan plicht en fatsoen, mar yn it ramt fan de tankberens. Ast ien tankber bist, dan fielist wat foar him. Hy hat wat foar dy dien dêr’tst o sa bliid mei bist. Ast God tankber bist dat Hy dy rêden hat út sûnde en dea, dan wolst Him net ôffalle. Falst dochts wer yn sûnde, dan hast dêr fertriet fan. Want Hy is sa goed foar dy en do bist sa min foar Him. Dêr hast fertriet fan, omdatst fan Him hâldst. Do wolst Him net teloarstelle, mar Him just bliid meitsje. Dêrom langest der nei om te libjen lykas Hy it sjen mei.

Sa sprekt de Kategismus yn Snein 33 oer de wiere bekearing fan in minske. Mar ik soe ek it wurd fan Petrus oanhelje kinne: God hat ús “út it tsjuster yn syn wûnderbaarlik ljocht roppen” (1Petr.2,9). Dêrom libbest no mei de rêch nei it tsjuster en mei dyn blik nei it ljocht. Do litst de nacht achter dy en libbest de dei temjitte. Dat is yn alle gefallen wol it doel fan dizze advintstiid: datst dy fan it tsjuster ôfkearst en dy nei it ljocht takearst.

Dochts liket it noch in grutte stap te wêzen fan libje yn Gods ljocht en libje neffens Gods wet. Dat soe it wêze, as dy wet net troch Kristus ferfolle wie. Mar allinnich dat stikje dat wy út Psalm 119 lêzen

hawwe, hear ik Kristus sa al sjongen. Nim bygelyks fers 53: “Untsetting oer de sûnders hat my oangrypt, omdat se jo wet loslitte”. Dat fers sprekt fan Kristus’ ûntsetting oer ús dy’t ús eigen ûndergong temjitte gienen sûnt wy sels wol útmeitsje soenen wat goed foar ús wie en wat net. Yn ús plak die Er wat wat wy dwaan moatte hienen. Yn ús plak hat Er lit wat wy lije moatte hienen. Alle geboaden út Gods wet hat Er holden, om’t Er God sa leaf hie. Alle straffen út Gods wet hat Er droegen, om’t Er ús sa leaf hie. Dêrom sjongt der yn liet troch alle easken en straffen fan Gods wet hinne. In liet dat der út kaam doe’t Kristus oan it krús útrop: “It is folbrocht!” Of sa’t in liet derfan sjongt:

Ut in tsjusternis, net nei te mjitten,  
rôpen Jo, fan God en wrâld ferlitten,  
mar jo stim bringt ús it ljocht:  
‘Heit en wrâld, it is folbrocht’ (LLL155:2).

Folbrocht, net allinnich foar God, mar ek foar ús. Dêrom hoege wy ek net langer te tinken dat it allegear neat is mei ús en dat ik ek noait wat wurdt mei ús. As wy leauwe yn Kristus, dan leauwe wy yn syn folsleinens foar ús. Troch it leauwe meie wy dêr yn diele. It hat sin en langje nei in libben neffens Gods geboaden. Want dat libben leit yn Kristus al foar ús klear. As dat ta dy troch begjint te kringen, krigest in wjeraks tsjin de ûnfolsleinens fan dyn eigen libben. Dat sloppe, dat heale gedoch, sa wol ’k it net mear, want sa hoecht it net mear.

Wa’t troch syn leauwe yn Kristus de wei fan Gods geboaden wer opdreaun wurdt, fernimt dat dy geboaden dy net oan bannen lizze, mar dy de romte jouwe. As wy se ris by del geane:

1. Gjinn oare goaden as God, dat gebod makket in tsjinner fan dy. Mar as tsjinstfeint of tsjinstfaam fan God wurdst in stik ark yn Gods hân dêr’t Hy syn wurk mei dwaan wol. Tink mar ris oan Maria!
2. God net fêstlizze yn in byld, mar harkje nei syn stim. Sa meist dy hieltyd wer ferrasse litte troch wat er tsjin dy seit.
3. Gods namme net misbrûke, mar praat hawwe dat sprekken lije kin. Want God wurdt dermei eare en minsken wurden der troch bemoedige.
4. Gods dei hillich hâlde, om út dyn drokte helle te wurden en yn syn frijheid set te wurden. Want wat falt der te fieren, salang’t dy frijheid noch net preaun hast?
5. Heit en mem earje en sa te learen respekt foar oaren te hawwe. Wat is dêr in ferlet fan yn in tiid fan grutte bekken dy’t it neat skele kin dat in oar sear dien wurdt. Myn miening is ommers wichtiger as syn siel?
6. Net deaslaan, om’t God net de God fan de dea, mar fan it libben is. Fan dyn libben en fan dyn neiste syn libben.

7. Net troubrekke, mar inoar trou bliuwe. Om't God yn Kristus ús troch alles hinne trou bleaun is. Trou makket dy betrouber. Wa soe dat net wêze wolle?
8. Net stelle, mar diele. Want wêrom soest God bidde dat Er wat docht oan de earmoed yn 'e wrâld, ast dêr sels al wat oan dwaan kinst?
9. Net lige oer in oar, omdatst sels ek leaver wurdearring fan in oar krigest. As soks dysels goed docht, doch sa dan ek dyn neiste goed.
10. Net jaloersk wêze op wat in oar hat, mar it him fan herten gunnen. Dat is net ienfâldich, mar it makket wol in moai minske fan dy.

Wat binne it dan goede, wiere en moaie geboaden. Ik tink datst dan Kristus wol neisizze kinst: "Untsetting oer de sûnders hat my oangrypt, omdat se jo wet loslitte". Want dat sabeare frije libben fan harren is gjin goed libben. Boppedat is it ek nochris in libben dat net goed ôfrint. Dêrom hast it sels ek achter dy litten. Soe it dy dan neat skele kinne as in oar dat libben net ken? Noch net ken of net mear ken? Dat bestiet dochs net? Dat grypt dy dochs oan?

Psalm 119 is in gebed. Alles wat de dichter oer Gods wet seit, seit er tsjin God sels. Sa moat it ek wêze. As jim nije wike snein ek in preek oer de Kategismus krije, dan leare jim wer dat it gebed it wichtichste is yn 'e tankberens dy't God fan ús freget. Ast dêr efkes oer neitinkst, kinst dat ek wol begripe. Want bist God wol tankber, ast dat noait tsjin Himsels seist? Wat dat oanbelanget hie de Kategismus it gebed ek foar de wet oan behannelje kind. Want it libben *foar* de Heare ûntspringt út it libben *mei* de Heare. Mar ast yn God sels dyn blydskip net fynst, silst ek yn in libben neffens syn geboaden gjin blydskip fine. Dan hâldst dy allinnich oan de regels fan len dy'tst eins net kenst. Foar dy soe fraach 114 dan sa klinke moatte: "Kinne hja, dy't har net ta God keare, dy geboaden hâlde?" It antwurd kin dan hiel koart bliuwe: "Nee". Dan is it neat en wurdt it ek neat. Wat is it dêrom wichtich datst bidden learst. Ik tink wolris: Soenen dy alderhillichsten, dêr't de Kategismus it oer hat, net gewoan minsken wêze dy't tichteby de Heare libje? Of is dat net sa gewoan mear? Is in hillich libben seldsum oan it wurden om't it gebed seldsum oan it wurden is?

Snein 44 is gjin tryste snein om't er seit dat sels de alderhillichsten mar in lyts begjin fan hearrigens hawwe. Dat is hielendal net tryst. Want dat lytse begjin, om net neffens guon mar neffens alle geboaden te libjen, dat mei der dan dochs mar wêze. Ek by jo en by dy. It is wol sa moai, wat God dan yn dyn libben útwurket. Dan hearst de muzyk dy't der yn syn wurd sit. Wat is it in moai wurd fan leave Heilân. Sis net: "Och, is is mar in skiterich lyts begjintsje. Nee, it is it begjin fan wat prachtichs. De folsleinens moat noch komme, dat wil ik wol. De Kategismus seit ek dat wy earst nei dit libben de folsleinens berikke. Mar wy geane dy kant al wol út. Op dy folsleinens giet it ta, ek foar ús. Ja, yn Kristus

is dy folsleinens der al, ek foar dy. As dat syn wurk docht yn dyn libben, langest der nei datst wat langer wat mear fernijd wurdst neffens Gods evenbyld. Dan seit de Kategismus: Bid dêr mar om. Dy genede fan de Hillige Geast, bid der dochs om. Dan komt de tiid dat langjen oergiet yn skôgjen. Dan meist de leafde fan dy hert mei eigen eagen sjen.

God almachtich, Jo dy't dimmen  
ta ús kamen, kom werom  
en lit ús noait mear allinne,  
wachtsjend op jo dei dy't komt.  
Wy woll' Jo yn tsjerke priizgje  
mei de hill'gen himelheech,  
oant wy yn jo paradizen  
foar Jo steane each yn each (LB 754:2).

Amen.